



Easterein, 25 jannewaris 2017

Keatsoplieding KF Easterein

Trainingen foarmje in essinsjele basis foar in optimale ûntwikkeling fan eltse keats(t)er. Om dy reden wolle wy as keatsferiening Easterein graach jimme jongereinleden fanôf de kabouters oant en mei de jonges-/famkeskategory in ekstra trainingsmooglikheid biede.

Yn Easterein ha wy de beskikking oer in geskikte trainingslokaasje. Dêrneist wurde de trainingen lieden troch diplomearre trainers, wêrûnder in protte noch as keats(t)er op de haadklasse en earsteklasse aktyf binne.

Wat hat de keatsferiening Easterein te bieden:

- Ekstra trainingsmooglikheid neist dy fan de eigen keatsferiening;
- Profesjonele trainingen oanbean troch diplomearre trainers;
- Grutte(re) groepen, dus elts traint (safolle mooglik) op harren eigen nivo en yn harren eigen kategory.

Trainingen

De sealtrainingen (4 kear) fine plak yn sporthal 'de Greidhoeke' yn Easterein fan woansdei 29 maart o/m woansdei 19 april 2017. Nei dizze perioade begjinne de fjildtrainingen (8 kear) op sportkompleks 'de Skoalteseize' yn Easterein. Dizze trainingen binne dit jier sawol op woansdei en op tongersdei fan 3 maaie o/m 28 juny 2017. Dit is ynklusyf in reservejûn mocht der in training útfalle.

Kosten

Om diel te nimmen oan de trainingen hoege je net lid te wurden fan keatsferiening Easterein. Der wurdt in bydrage frege fan € 12,50 foar de sealtrainingen en € 17,50 foar de fjildtrainingen. At der keazen wurdt foar sawol de seal- as de fjildtraining dan jildt der in **koarting fan € 5,-** en komt it totale bedrach út op **€ 25,-**. Dit binne deselde tariven as de jongereinleden fan keatsferiening Easterein.

Opjefte

De opjefte foar de trainingen fynt plak fia in digitaal opjefteformulier op de webside fan keatsferiening Easterein (www.kfeasterein.nl). Sjoch ûnder it kopke *trainingen* en dan *keatsoplieding*. Dêr kinne jimme ek fjirdere ynformaasje fine oer de trainingstiiden. **Opjaan kin oant en mei snein 12 maart 2017!**

Fragen?

Mochten der noch fragen en/of opmerkings wêze oangeande it boppesteande, nim dan kontakt op mei Bauke Dijkstra (*trainingskoördinator K.F. Easterein*) fia training@kfeasterein.nl.